

Stoeie mei kredytoanfraach

En dat sitst ynienen as skoalbern mei in kredytoanfraach yn in belangrike wurkkeamer fan de Rabobank Heerenveen-Zuidoost Friesland.

Koartlyn kaam it Sieteke Landman (17) út Balk, Hilde-Marijke de Jong (17) út Wâldsein en Anouk Osinga (17) út Heech oer. De vwo skoalbern oan it Bogerman Collega yn Snits moasten ûnderboud en beärgumintearre in liening fan 150.000 euro regelje foar de útwreiding fan in Grinzer molkstâl.

Jeen Nijboer, manager Food en Agri fan de bank, ljochte de kredytoanfraach kritysk troch.

Normaal sprutsen dogge skoalbern Management en Organisatie mar in bytsje praktykerfaring op. In protte wurdt wurke út teoretyske modulen wei. Dat soe dochs eins oars moatte en kinne, oardielden M&O dosint Folkert Groenveld en syn kunde annes agrarysk konsultint Hein-Willem Leeraar.

Leeraar fersoarget gastlessen en tegearre ûntwikkelen se in plan om in echte agraryske kredytoanfraach oan in bank foar te lizzen.

“Se dogge der safolle praktykerfaring mei op”, ferklearret Groenveld, “se leare harren presintearjen en mei in deadline te wurkjen, se wurde profesjoneel ûnderfrege en de matearje begjint folle mear te libjen.”

Sadwaande krûpten Sieteke, Hilde-Marije en Anouk yn de hûd fan de fiktive boer Jaap Mansholt dy’t 150.000 euro liene wol om de kapasiteit fan syn molkstâl te ferdûbeljen.

Net om mear kij te melken, mar om tiid te winnen foar de útwreiding fan de lânboutakke op it bedriuw mei sa’n 50 hektare pachtgrûn. De soan fan de boer is de potinsjele opfolger en syn hert leit mear by de biten, it nôt en de ierappels as by de kij.

De hichte fan de ynvestearring ha se sels neifrege by in molk ynstallaasjebedriuw. Dêrnei beskriuwe de trije wiidweidich de aard en de prestaasjes fan it bedriuw, it totaal oan ynvestearringen ynklúsyf it nije kredyt, de balânsen (activa en passiva) en de resultaatrekken. Boppedat berekkenje se ûnder mear de solvabiliteit (79%) en de cash-flow (76.000 euro)

Nijboer wol witte wat se fan de solvabiliteit fine. “Dat sit wol goed”, antwurdet Sieteke. “Normaal sprutsen is dat toch ûngefear 30%?” Kloppet, seit Nijboer. “De fermogensposysje by boeren mei grûn is faak net in probleem. It is mear in rentabiliteit kwestje. Kin de boer de lêsten opbringe?

Dêrom binne it ûndernimmerskip fan de boer en de rentabiliteit belangrikere kritearia as de posysje wat wissichheid oanbelanget en de solvabiliteit.

De Rabo manager wol ek witte wêrom’t se by de oanfraach rekkene ha mei in takomstige molkpriis fan 32 sinten, wylst dy no sa’n 41 sinten oplevert. “No, omdat Leeraar útlei dat de molkpriis ek wolris flink nei ûnderen gean kin, nei sa’n 25 sinten”, seit Hilde-Marije. “Dêrom ha wy foar foarsichtich gemiddelde keazen.”

“Hiel frappant”, seit Nijboer. “It is persys de molkpriis dy’t wy yntern ek hantearje.” De Rabo manager jout oan dat it goed ûnderboud is en stelt dat it mei de liening wol snor sit. Ik kom ynkoarten wol mei in offerte.”

De bern fine it in ‘hartstikke learsume erfaring’. “Ik wenje yn in agraryske omjouwing, mar wit fierder neat fan buorkjen”, seit Anouk. “Sa ha wy moai even efter de skermen sjen kinnen fan wat der finansjeel allegearre geande is op in boerehiem.”